

IN BREDE MAATSKIPLIKE DIALOOCH OER IN TAAL?

De BMD oer it Frysk is bedoeld om de ynwenners fan Fryslân bewust te meitsjen fan de posysje fan it Frysk oan it begjin fan de 21^e iuw. It Frysk ferliest stadichoan terrein. Litte wy dat sa, of binne wy ree om ús yn te setten, sadat it Frysk as kultuertaal en deistige omgongstaal fuortbestean sil? Dat sil net fansels gean. Mei in BMD kin men in betrouber byld krije oft it de muoite wurdich is in protte te ynvestearjen yn de taal.

Oer wat soarte taal giet it hjir eins?

It giet oer in taal mei hast allinnich mar brûkers dy't net by steat binne yn dy taal te skriuwen, mei brûkers dy't yn grutte mearheid dy taal allinnich mar mei in soad ynspanning lêze kinne. Mei sprekkers dy't amper kennis hawwe fan de grammatika, dy't meast sûnder euveldoed in tanimmend tal grammatikale ôfwikings deistich brûke. In taal dy't yn it bestjoerlike ferkear, yn de rjochtspraak, yn it ûnderwiis, yn de krante, op it ynternet, yn de teaters, yn boeken, yn it bedriuwslibben, yn it hannelsferkear, yn de grutte plakken, op strjitte, yn de hoareka en yn de winkels gjin of amper posysje hat. In taal dy't troch de ekonomyske en kulturele boppelaach mar in lyts bytsje brûkt wurdt. In taal dy't as sprektaal foar bern ûnderling yn kûgelsfeart efterút buorket.

Sa'n taal is wis hurd oan it sliten...

Witte de brûkers fan dy taal soks en sa ja, hoe slim fine sy dat? It is dêrby ynteressant om in andert te finen op de fraach wêrom at it ferdwinen fan dy taal sa lang duorret. It is benammen nijsgjirrich om út te finen, yn hoefier it sa stadich ferdwinen fan it Frysk foaral te tankjen is oan de sterke bân dy't de brûkers hawwe mei har regio.

Stel wy wolle it tij keare

Meimekoar hawwe wy wier wol in idee oer wat der nedich is: It Frysk moat status hawwe as kultuertaal. Dat hâldt yn: bewuste aktive taaloerdracht troch âlden, berneopfang en pjutteboartersplakken dêr't Frysk de fiertaal is, folle mear Frysk as fiertaal en as fak op basisskoallen en yn it fuortset ûnderwiis, in royaal aanbod fan radio- en telefyzj- útstjoerings yn it Frysk, gemeenten en Provinsje dy't it Frysk faak foar kar nimme yn de kommunikaasje mei de boargers, mear Frysk op it ynternet en yn de krante, in rom ferskaat fan kulturele aktiviteiten mei it Frysk as draagjende taal, ensafuorthinne.

Al dy saken fereaskje ynset en jild. En om dit alles ta in sukses te meitsjen binne der flinke oantallen minsken nedich dy't sin hawwe om har gedrach te feroarjen. Minsken dy't motivearre binne en der aardichheid oan hawwe om it Frysk in steviger posysje te jaan yn Fryslân. Oft it no giet om har rol as mem en heit, as pedagooch, learaar, sjoernalist, programmamakker, amtner, politikus: hja moatte it graach wolle. En it helpt wannear't der in breed droegen oertsjûging is yn Fryslân dat it Frysk net allinne 'bliuwe moatte soe', mar

dat de taal echt bliuwe kin en dat men gjin útsûndering is wannear't men har of him foar dat doel ynset.

Hokker fraachstikken stean sintraal yn in BMD-Frysk?

Alderearst is it fan belang om út te finen oft de ferûnderstelling oer it ferbân mei de regionale identifikaasje kloppet. Hoe sterk is dy bân? Kloppet it dat dy ferbining yn Fryslân sterker is as yn oare regio's, en dat de taal dêr in haadrol yn spilet? En hoefier giet soks? Kin in nij bewustwêzen fan de Friezen der ta liede dat der oar taalgedrach ûntstiet, dat gunstiger is foar it Frysk? Hokker belied past dêrby, foar de oerheid, foar it ûnderwiis, foar de kranten en de omrop, foar tal fan organisaasjes en ynstituten? Want foar in duorsum resultaat moatte dy taalbewuste minsken wol permaninte stipe krije by it har eigen meitsjen, en it folhâlden, fan oar taalgedrach. It iepenbiere libben yn Fryslân sil boppedat Frysker wurde. Hoefolle diskusje sil dat opleverje mei yn Fryslân wenjende Nederlânsktaligen en hawwe wy meimekoar sokke diskusjes der foar oer?

Wat útkomst hat sa'n BMD?

Wy draaie der as inisjatyfnimmers net omhinne. Wy tidigje derop dat de measte ynwenners fan Fryslân dy't dielnamen oan de Friezedialooch nei ôfrin sizze: duvekater, wy moatte persoanlik mear war dwaan om ús taal yn libben gebrûk te hâlden. En it is nedich dat der yn it ûnderwiis, by de oerheid, yn it bedriuwlibben, yn alle sosjale en kulturele fermiddens mear en konsekwinter Frysk brûkt wurdt. Wy geane derfoar! En dat mei ek wol wat kostje. Dan is der draachflak foar de ûntwikkelingen dy't wy hjirfoar ('stel wy wolle it tij keare') sketsten.

Mar wy binne as inisjatyfnimmers foar de BMD-Frysk fansels net nayf. It is ek mooglik dat bliken docht dat dy ferûnderstelde regionale identifikaasje minder sterk is. Dat Friezen yn mearheid gjin sin hawwe oan bewuster taalgedrach. Dat wy elkoar soks yn de Friezedialooch earlik bekenne. Dan is der ûnfoldwaande draachflak foar yntinsyf belied.

Dan hawwe de Fryksinnige minsken ferlern?

Tsja. Fryksinnigen witte dan dat it doelleas is fiergeande maatregels op te lizzen. Itselde ferlies dat wy no waarnimme giet dan wierskynlik troch. Yn de taaloerdracht troch âlden en yn it iepenbiere libben ferliest it Frysk dan linkendewei fierder posysje. Dichterliker sein: wat it Frysk oanbelanget folget dan in langduorjend, betiden swiet, betiden bitter en somtiden weemoedich ôfskie, mei relatyf in soad sjongen, iepenloftspul, Frysktalige roubrieven- en út en troch wat lêzen en skriuwen fan it Frysk. Frysktaligen hâlde har wetlike rjochten, salang at de Nederlânske oerheid en de Europeeske Uny dy net skrasse, en dat lêste litte de ferantwurdlike politisy har wol út de holle. En, net ûnbelangryk: by in goed opsette en professjoneel útfierde Brede Maatskiplike Dialooch nimt, wat de útkomst ek is, de kennis fan en oer de taal allinne mar ta. Alles oereagjend: fan (nij) ferlies is gjin sprake, liket ús.